



# Ferslach jiergearkomste Doarpsbelang Easterwierrum

Fan moandei 26 febrewaris 2024 om 20.00 oere yn de Tysker

## 1. Wolkom en fêststelle aginda

Ûndernimmersfûns giet nei punt 7

## 2. Ferslach jiergearkomste 2023 (is te lêzen op [www.easterwierrum.nl](http://www.easterwierrum.nl) of kin ôfhelle wurde by Stephan Kurpershoek

Gjin opmerkingen, by dizze fêststeld

## 3. Jierferslach 2023

Gjin opmerkingen, by dizze fêststeld

## 4. Finansjele ferslagen : Doarpsbelang-Behearskommisje-Merke-kommisje en Histoaryske-kommisje

Behearskommisje;4809,- foarút buorke.

Anneke Monsma; subsydzje om't we ien kear yn'e fjouwer jier ynvestearre ha. Nee

## 5. Ferslach kaskommisje en beneaming nij kaskommisjelid

Selena en Frank ha gjin opmerkings. Frank giet derút en Hendrik Grunstra nimt it oer.

## 6. Meidielings Behearskommisje & Bou-kommisje

Wouter Kramer; Der is applaus foar Jan Schotanus syn jierrenlange ynset as foarsitter fan de Behearskommisje. Der binne in oantal wikselingen west yn it bestjoer. Bert vd Bosch docht no de foarried, Annigje it sekretariaat en fierder is Folkert Faber nij yn'e komisje dus de Behearskommisje is neist Wouter Kramer en Rene Zylstra wer kompleet. Hertog Jan wie te djoer om te keapjen. Nei in heal jier útsykjen ha we in leveransier mei in normaele ynkeappriis fun. De renovaasje fan it kafee duorret sa'n twa wiken. Tidens de merke is it mengpaniel fan de band kapot gien. kosten 7000,- Dit is ôftikke mar bliuwt sonde fan it jild. Der wurdt no sjoen nei in nije evenemintfersekering. **Boukommisje** Sjoerd Sypersma; Plan; De kleuren yn it kafee

en de fergaderromte wurde oars, it meubilair bliuwt foarearst itselde , achter de bar feroaret it wat en der komme nije tegels en parasols. Rein Weiland freget wat de kosten binne. Sjoerd Sypersma; we bliuwe ûnder de 35.000,- euro. Diskusje oer hoe as wat ha we hân. Joop Bootsma: It is sterker om de tegels yn ferbân te lizzen, sa moai mooglik. Renee sil it trochjaan. Firma Otte docht it elektrysk. De ferljochting giet nei de oare kant fan de muorre. De lúdsynstallaasje giet nei ûnderen en wurdt simpeler. Koen Eekerk; fia de nije doarren komt kjeld nei binnen. Der komme nije kachels.

## **Skoft**

### **7. ûndernimmersfûns**

Praetsje troch Liesbeth & Caroline; It is ferplichte om diel te nimmen. Doarpsbelang is de útfierende yn dit barren en de leden fan Doarpsbelang omdat Easterwierrum gjin ûndernimmersferiening hat. It moat foar de mienskip wêze en it proses leit dus by Doarpsbelang. Stimming kin no noch net om't de leden noch net de kâns hant ha om ek wat yn te bringen. It is nammentlik in demokratysk proses. Achterôf moat de ferantwurdig nei de ûndernimmersferiening Fryslân. Elts jier is der in nije stimming, En it is dus mar krekt wat der allegear foar ideeën binnen komme. 10 prosint moat foar de stimming oanwêzich wêze. De presintaasje komt op de doarpswebsites. Wichtich is in goeie procedure. 11 maart hat Doarpsbelang wer in gearkomste wêr it in punt is op 'e agenda. Dan wurdt der sa gau as mooglik dêrnei bekindhied oan jun. Doarpsbelang start de oanfraach-procedure.

### **8. Slachtemaraton**

Der is in kommisje opsetten. Der leit in briefke op jimme stoel. Der komme korpsen te spyljen fan ûngefear 12.00-21.00 oere. Tema is "Do Komst". Der binne in protte frijwilligers nedich, sa'n 80-100 mei elkoar. Einstreep is 23.30 yn Raerd. Blokken fan 1-2 oeren foar frijwilligers , sadat se sels it evenemint ek mei meitsje kinne. Easterwierrum komt goed op 'e kaart. Ynkomsten binne foar de Tysker en dat is wol nedich nei alle kosten dit jier. Der komt in brief by de doarren lâns om frijwilligers te werven en die wurdt ek wer ophelle. Ferkearsregelaar wurde kin fanôf 16 jier en moatte in e-learning dwaan. Der binne ynmiddels twa Dykmasters; Freddy Botter en Johan Boersma. Han Kroes freget at der ek minsken foarôf nedich binne; Ja.

### **9. Foardracht nije leden: Famylje Jellema Dille 1, Famylje Jellema Dille 1a, Tedde & Sabrina Langhout Doarpsstrjitte 40, Andries van der Kooi en Martine van Bekkum Skuorrehofwei 7, Hieke en Henk Jansen Doarpsstrjitte 44, Edward & Carla Otten Doarpsstrjitte 46 , Jenny Kroes Bûtewei 34, Gerben de Vries & Hester de Boer Bûtewei., Hendrik en Lyske Grunstra-Hoekstra Doarpsstrjitte 27**

Gjin beswieren nije leden

### **10. Bestjoersferkiezing;**

**- Ôfgeand en opnij te beneamen: Liesbeth Speerstra-Bearda**

**Tsjinkandidaten kinne har oant in heal oere foarôf oanmelde.**

Liesbeth wurdt wer opnij beneamd

## **11. Omfregjen**

Kin der takom jier ek in mikrofoan brûkt wurde want it is betiiden dreech te ferstean.

## **11. Slúten**